

## WA WOL DER FREED 11 MAAIE MEI NEI HELGOLÂN?



Ieuwen ferlyn hjitte it Fositelân, neamd nei de Fryske goadinne Foseta. Ta eare fan har waard der in fontein en in tempel boud. De kij dy't weiden op it eilân mochten net oanrekke wurde, ripe fruchten dy't fan 'e beammen foelen, mochten net opiten wurde. De hillige Willybrord, dy't yn it jier 699 de Fryske kening Redbad II op it eilân moete, liet oan it begjin fan 'e achtste ieu alle heidenske saken ferneatigje. Fan dy tiid ôf waard it eilân it 'Hillige Lân' neamd, in namme dy't ferwurden is ta Helgolân of yn it Frysk 'Hilgelân'.

In sêge seit dat Helgolân in oerbliuwsel is fan it keningseilân Atlantis, dat 1200 jier foar ús jiertelling yn dy omkriten yn 'e see ferdwûn is en nea wer wat fan werom fûn is. Helgolân hat wat geheimsinnichs, wat mystyks. Piraten hawwe der húsmanne en it tilt op fan 'e sêgen en ferhalen oer dat griene eilân mei syn reade rotsen.

Midden yn 'e Noardsee leit er dêr samar: dy reade rots. In berch midden yn 'e see en dat sa ticht by Nederlân. It is in wûnder dat it noch bestiet! De Britten hawwe yn 'e fyftiger jierren besocht it hiele eilân fan 'e kaart te blazen. Dat is lokkich net slagge. Wol wie de knal fan 'e eksploazje doe oant yn Wurдум te hearren.

Wa't dit lytse wûnderlike Fryske rotseilân sels ris opsykje wol, hat dêrta op freed 11 maaie 2001 de gelegenheid. Fedde Dijkstra organisearret wer in reisje fan in dei nei Helgolân. In dei om nea wer te ferjitten. De kosten binne 135 gûne en jo kinne (by genôch dielname fan Wudumers) yn Wurдум op 'e bus stappe. Mei dat jild binne de bus, de boat en it goed miel betelle. Skilje foar mear ynlochttings mei Fedde Dijkstra, till. 2553681 – W.R. Fisherstrjitte 13 – 15.